



# **DE BLEATE WIERHEID**

**(BLOOT SLAAT DOOD)**

lenakter

door

**ARIS BREMER**

Oerset nei it frysk troch

**Sandra de Jong**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE BLEATE WIERHEID – BLOOT SLAAT DOOD** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ARIS BREMER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 2011 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **3** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Kwakkelei – Frou tusken de 35 en 55 jier

Killebuur – Frou tusken de 35 en 55 jier

Peter Flens – Keunstskilder

## **DEKOR:**

In skildersatelier mei midsefter in doar. Midsfoar in grutte bank mei lege leuning, rjochts twa houten stullen neist elkoar. Lofts in skildersezal mei derop in grut opfallend, mar krekt nog net foltôge skilderij fan in neakende frou (de styl fan Picasso) sûnder skonken!

## **TIID:**

In hjersteftige neimiddei yn novimber.

De froulju, mei wintermantels oan, sitte ungemaklik op de stuollen, sy drage allebeide in identifikaasjekaart, op harren skurte leit in list mei hântekeningen. Killebuur sjocht op har horloazje, Kwakkelei sjocht dat en seit:

Kwakkelei: Ja, ja

Killebuur: Ja, wat no: ja,ja...?

Kwakkelei: Der sitte wy dan.

Killebuur: Ja, der sitte wy dan. En werom sitte wy hjir dan? Omdat jo “Ja”seine.

Kwakkelei: Ik sei hielendal gjin “Ja”.

Killebuur: O, nee? Jo seinen gjin “Ja”.

Kwakkelei: Nee, frou Killebuur, ik haw hielendal nea net gjin “ja”sein. Ik haw hielendal niks net sein. Ik knikke allinnich mar...

Killebuur: Frou Kwakkelei, jo knikten! En hy hat it opfetten as in “Ja”. Doe koe ik gjin “nee” mear sizze.

Kwakkelei: Nee?

Killebuur: Nee. Jo knikke “Ja” en dan soe ik “Nee”sizze moatte? Hoe tinke jo dat soks oerkommen sil by him? Wy moatten, hoe lestich dat ek is, wol ien front foarmje.

Kwakkelei: Mar jo hiene dochs gewoan “nee” knikken kint?

Killebuur: Frou Kwakkelei, hja knikke “Ja” en skodzje “Nee”.

Kwakkelei: Ja, dom. Fansels. Mar.....jo hiene dochs “Nee” skodzje kint? (*Killebuur skoddet nee*) Nee?

Killebuur: Nee.

Kwakkelei: O. (*koarte stilte, sy besyket in rook op te fangen*)

Killebuur: (*as Kwakkelei ek yn har rjochting sneuvelt*) Ferkâlden?

Kwakkelei: Nee. Frjemd. Ik rûk no inkeld nog mar farve. En terpetijn.

Killebuur: (*sneuvelt ek*) Ik rûk foaral jo.....it is Musk, is it net sa?

Kwakkelei: Ik brûk altyd in swymke. Krekt genôch om wis fan mysels te wêzen.

Killebuur: Krekt genôch om neat oars mear rûke te kinnen.

Kwakkelei: Dat sizze jo no sa, mar sa krekt, doe’t hy ús derin liet.....

Killebuur: “In lekker bakje kofje, froulju?”

Kwakkelei: Die lucht yn de gong, die hawwe jo dochs wol roken?

Killebuur: Jawis wol, der koe jo Musk net tsjinop!

Kwakkelei: Soms steane der by in slachter fan die stjonkende tonnen mei slachtôffal. Sa’n stank komt hjir ek út de keuken. De doar stie wat iepen, hawwe jo dat ek sjoen? Frou Killebuur, wat in binde der! Ofgrysluk!

Killebuur: Siz, frou Kwakkelei, yn die ôfgrysluke keuken mei die ôfgrysluke stank set hy no foar jo in ôfgrysluk “lekker bakje kofje,

froulju?”

Kwakkelei: Net allinne foar my. Foar jo fansels ek, frou Killebuur.

Killebuur: Ik drink hjir gjin kofje. Wy hienen it ien en oar ek hiel goed by de doar ôfhannelje kinnen. Gewoan by de doar, lykas wy ôfsprutsen hienen. Gau in hântekening en dan wer rap fierder. Mar nee

Kwakkelei: Ik wie bang dat er oars net tekenje soe. En hy skynt in behoarlike namme te hawwen. Op syn mêd dan. En wannear't sa'n man net tekenje soe.....sis no sels.

Killebuur: Eltsenien tekent. Sit der mar net oer yn, dat regelje ik.

Kwakkelei: Ik haw de hiele nacht wekker lein. Ik seach der sa skriklik tsjinop om by de doarren del te gean en myn ferhaal te dwaan. It is hielendal neat foar my.

Killebuur: Nee.

Kwakkelei: En dat sy fan de organisaasje ús keppele hawwe, dat is dochs nuer net? Ik bedoel, wat kinne wy inoar no?

Killebuur: Amper oant neat.

Kwakkelei: Ik woe mar size. Net dat ik wat tsjin jo persoanlik haw, mar ús FFTF is sa 'n smûk klupke.

Killebuur: Ik fermoed dat de organisaasje de frijwilligers út ferskate frouljusploechjes helle hat en gewoan alfabetysk keppele hat. Op Killebuur folget kenlik Kwakkelei. Wannear't er in frou Kuiten west wie, hie die har der tusken nestele.

Kwakkelei: Ik kin hielendal gjin frou Kuiten.

Killebuur: It is inkeld mar in foarbyld. Tusken Kil en Kwak sit Kuit. Of Kuiten.

Kwakkelei: Oh! Jo bedoele dat ik dan mei die frou Kuiten op paad west wie?

Killebuur: Nee, wierskynlik ik. Earst Kil dan Kuit, dernei folget pas Kwak....

Kwakkelei: Mar mei wa soe ik dan.....?

Killebuur: Mei dejinge die't op Kwak folget.

Kwakkelei: O. Ehhh.Kwak. Kwek...? Kwik.... Ah! Frou Kwikzilver!?

Killebuur: Bygelyks..

Kwakkelei: Dat hie prachtich west. Sy is ek fan de Smoarche Freondinnen.

Killebuur: Wat sizze jo?

Kwakkelei: Ach, sa neamen wy ús clubke ûnder mekoar. Witte jo: Ferienigde Freondinnen Tsjin Fulgêrens, dat is sa'n mûle fol.

Killebuur: In oare kear mar mei frou Kwikzilver.

Kwakkelei: Ach, sy is sa'n frommes, die't altyd swirrichheden hat mei de manlju. No ek, tink ik, sy is in skoftke fuort, fan de ierdboaiem ferdwûn, liket it. Ik begryp dat net. Ik fyn ien kearel al dreech genôch.

Mar der rinsto dochts net foar fuort!

Killebuur: Jo soene it lykwols no mei my dwaan moatte, ek al bin ik net fan jo club.

Kwakkelei: Ja, dat tocht ik al, wat moat ik yn 'e goedichheid mei frou Killebuur. Jo binne dochts in Frije Fulgare Frou?

Killebuur: Ik sit yn it regionaal bestjoer fan de Frije Froulju Tsjin Moassichheid en Fulgariteit.

Kwakkelei: Jo binne mar in hiel lyts clupke, net? Sist al gau yn it bestjoer.

Killebuur:Wy litte net samar eltsenien ta, mefrou. Wy binne beslist gjin smuk theerûntsje, lykas in hiel soort oare frouljusgroepkes.

Kwakkelei: Ik haw neat tsjin geselligens. Mar thee, dat drink ik net.

Killebuur: O, derom seine jo "Ja" tsjin de kofje!!

Kwakkelei: Ik fyn wol dat jo mar troch eamelje oer die kofje.

Killebuur: As jo daliks leaver allinne fjierdergeane...

Kwakkelei: Nee, nee, ik lit jo net sitte. De bleate wierheid hâld ús by mekoar. En it is dochts folle geselliger om tagearre by de doarren del te gean? Fine jo net?

Killebuur: Ik doch dit net foar de geselligens.

Kwakkelei: Nee, dat haw ik iyn de gaten. (*stilte*) No ja, as hy mar tekent. (*hellet har finger by de leaning del*).

Killebuur :Ik sei dochts: lit dat mar oan my oer.

Kwakkelei: (*sjocht nei har smoarche finger*) Jakkas. (*Killebuur sjocht efkes*) It is dochts wat, sa'n man allinne. Hy mei dan in ferneamde wêze, mar ik bliuwt in man allinne.

Killebuur: Jo binne goed op 'e hichte.

Kwakkelei: En in húshâldster hat er ek net. Dat sjoch ik wol. Hjir giet gjin frouljushân oerhinne. Alhoewol't de buorlju hjir sa no en dan wol sjoche dat er in frommes nei binnen giet.

Killebuur: Hoe ynteressant...

Kwakkelei: Mar it is net lang itselde frommes.

Killebuur: O nee?

Kwakkelei: Sa'n frommes is der een skoft, hast alle dagen en dan yn ienen is het oer, ôfrun en is sy fan de ierdboaiem ferdwûn. Dat is dochts nuver..... Hy..... hy spit wol regelmjittich grutte gatten yn syn effer tún.

Killebuur: No, sjoch ris oan. Dat ferklearret alles.

Kwakkelei: De buorfrou oan de oare kant is ek in smoarche Freondin, dêrfan komt it dat ik dat allegear wit. Do tinkst natuerlik, soks bard hjir net, mar ja, dat tochten sy yn it Ingelân ek, yn die buert mei dy man. Jo witte wol, it stie oeral yn de krante.

Killebuur: Ik tink dat ik in oare krante les.

Kwakkelei: Doe 't sy ûnder de flier seagen...en yn syn tún en....yn de kelder, al-le-gear lyken. Oan smots hakke lyken. Tink ris ta! Gewoan ien út de buert.

Killebuur:Wy moatten sa mar efkes ûnder de flier sjen. Of yn it sûtterrain.

Kwakkelei: Jo leitsje derom, mar jo witte it tsjinwurdich net. En dan die froulju die him opsykje....Wat moat sa'n fint mei al die froulju?

Killebuur: Wat docht in man oer it algemien mei froulju?

Kwakkelei: O, dat...!

Killebuur: Bygelyks.

Kwakkelei: Mar, mar die artiesten binne dochs hast allegaer ....homofylewiel?

Killebuur: Al-le-gear-re. Gjin inkel útsûndere.

Kwakkelei: Wer hat er dan in frou foar nedich?

Killebuur: Om model te stean, bygelyks.

Kwakkelei: Model?

Killebuur: (*Wizet op skilderijen*) Jo sjoche wat mynhear skildert.

Kwakkelei: Is dit dan in frou?

Killebuur: Wat tochte jo dan? In fruitskaal??

Kwakkelei: Ik fyn it alderheistlik..

Killebuur:It sil mynhear fertriet dwaan, as jo syn neaken net weardearje kinne.

Kwakkelei: Syn neaken? Jo bedoele har neaken.

Killebuur: Syn skilderij fan har neaken.

Kwakkelei: Binne wy no einliks net tsjin dit bleate gedoch?

Killebuur: Mefrou, sjoch no ris goed.


Kwakkelei: Dat doch ik al, mar ik sjoch inkeld mar bleat gedoch.



Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**